

Leave gemeente fan Jezus,

Der binne tal fan redenen werom as minsken út tsjerke weibliuwe. Gemaksucht of ûnferskillichheid. It wie juster let wurden, dus wei binne mar lizzen bliuwn. Minsken bliuwe wei út tsjerke omdat se it net iens binne mei de gong fan saken. Minske bliuwe ~~wie~~, omdat se de dûmny net lije meie.

As wie no hjoed it efangeelje fan Jezus foar 100% aux serieuus nommen hienen, dan wie it mâl gongen yn Stiens. Want Jezus seit: 'Rin wegen en binnenpaden lâns, en twing harren om deryn te kommen, want myn hús moat fol.' De minsken soene raar opsjoen hawwe as wy se inderdaad fan hús helle hienen. Myn hús moat fol.

De oanlieding foar Jezus om dizze gelikenis te fertellen is, dat ien fan de gasten oan in jûnmîel der't Jezus by wie tsjin Jezus sei: 'Gelokkich binne dy't yn Gods ryk ite sille.' Dat is sa'n echte ôfknapper, sa'n opmerking dy't alles tichtsmaart; dizze útspraak stiet ien deselde ~~hige~~ as de minsken dy't sizze: 't Oog omhogg en 't hart naar boven, hier beneden is het niet! Of fan die oare fremde ûnierdske útspraken, lykas: Dizze wrâld is leeg, sjoch dan mar omheeg! Ik haw myn bûk fol fan dy útspraken, weryn sein wurdt dat wy al ús hope stelle moatte op it nije ryk, en dat wy ~~dan~~ dizze ierde mar fersloere litte.

It efangeelje seit ús hjoed, dat wy dit libben, dit tydlike libben, dat wy as in gesink krigen hawwe, troch libje moatte, yn alle hichten en djipten. Net allinich mar wachtsje op it himelske ryk der't God alles yn alles is, mar nee, eerst hjir yn dit wûnderlike bisûndere libben derfan meitsje, wat er fan te meitsjen is.

En dan seit Jezus: Myn hús moat fol!

En dan fiele wy ús al gau beskamme, dat wy hjir dit nachtmîel priuwe, en ûnderwilens binne er safolle oaren dy't te koart komme yn'e wrâld.

Mar yn ús beskamming moatte wy net te fier trochsjitte en ússels in te grut skuldgefoel oanprate. It komt erop oan om it keninklike paad te gean yn ús libben. Dat is de oar net út'e wei gean, mar oprjocht yn'e eagen sjen. Net te gau oardielje mar eerst prate. En boppe-al moatte wy de noeging fan de Hear sels aux serieuus nimme.

Wy moatte ús skamje, as wy de noeging fan'e Hear neist ús del lizze mei in flauw ferlechje. Mei in flauw excuus. 'Ik haw in stik ~~lyk~~ kocht, nim my net kwea ôf. Ik haw fiif span oksen kocht, nim my net kwea ôf, ik bin krekt troud, nim my net kwea ôf, ik bin it net iens mei de gong fan saken yn tsjerke, dus ik kom net Hear, nim my mar net kwea ôf, ik mei dy dumny net leie, dus ik kom net Hear, nim my net kwea ôf.

In ferlechje sykje yn it ryk fan God dat is itselde as God narje yn syn goedens. De wei fan de minste ynspanning, der kin je opkomme mei in noflik ferlechje. Hear ik kom net, nim my net kwea ôf.

Jawis nimt de Hear dat kwea ôf! 'Doe't de feint thúskaam, en sei dat de feestseal leech wie, doe waard de gasthear poerlik! Jawis! Om in ferlechje weibliuwe? Jo witte net wat Jo misse! Jo hoege mar ien ferlechje te fynen en Jo misse it grutste geheim wat er bestiet.

Ien ferlechje, en Jo misse dat miel dat de siel sêdigt. Ien ferlechje en Jo misse it brea, dat ús troch de woestenije hinne yn libben hâldt. Ien ferlechje en jo misse de wyn, dy't ús hert opwekket foar it keninkryk fan God.

It is hjoed net myn taak om ôf te jaan op de minsken dy't hjir net binne. Mar it efangeelje printet ús hjoed wol yn, dat in ferlechje net ken, in ferlechje yn'e sin fan in smoesje. En yn gelikenissen wiist Jezus ús it oprjochte paad nei it keninkryk fan God.

Sa't oan de bútengrinzen fan stêden en doarpen fan dy plattegrounen steane, sa binne de gelikenissen ús jown om ús paad te wizen. En as de feestseal leech bliuwt, dan wurde net allinich út'e stêd mar ek fan it plattelân de minsken weihelle om de feestseal fol te krijen. Want it miel moat trochgean. It brea moat brutsen wurde, de wyn moat dronken wurde. Want it is net samar in miel, it is it miel fan Gods genede, it is it Hilliche Miel fan Gods heil.

It bliid boadskip foar hjoed is, dat de Hear ús hieltiid noeget, hieltiid openij. Want Gods heil is hieltiid nij. En gjinien is útslúten fan Gods heil, gjinien wurd oerslein, tensij hy of sy mei in ferlechje oanjowt dat oare dingen wichtiger binne. Mar wat kin no wichtiger wêze as it heil fan God?

Der binne troch de tsjerken iuwenlang ferskillende soarten minsken útslúten fan it Hillich Nachtmiel. Fan de earste oant e mei de 20e ieuw. It is in grutte skande yn de skiednis fan'e tsjerke. Want gjinien kin wegere wurde. It is omers net de tsjerke dy't noeget, mar it is de Hear sels dy't noeget. De tsjerke is net hear oer it nachtmiel, nee, de tsjerke is te fergelykjen mei dy feint út dizze gelikenis, dy't docht wat de Hear seit. Dy't de minsken fan'e paden en de lannen hellet om de seal fol te krijen.

Wy binne mar feinten yn it feest fan God. Feinten dy't ynsetten wurde om it hûs fol te krijen. It hûs fol krije, dat is: Safolle mooglik minsken belûke by it heil. Gjin acht slaan op ryk of earm, wyt of brûn, goed of kwea. Eltsenien is noege. Want ryk en earm, goed en kwea, wyt en brûn kinne oan dizze tafel fernije wurde, ta minsken dy't meiwurkje in Gods ryk.

It hûs folkrije dat betsjut: It feest moat trochgean. It feest fan it dielen fan Gods segeningen. It feest fan it kommen fan it ljocht yn'e wrald. It feest fan it nije ferbûn. It feest moat trochgean.

Ik hoopje dat yn dat lytse stikje brea en dat lytse slokje wyn jimme allegeare priuwe meie, dat Gods genede en leafde oer jimme libben regeart.

En ik hoopje dat dit miel ús openij oanset, om al ús rykdom te dielen mei de oar, en dan net allinich mei de earmen lannen, mar ek te dielen mei ús oare buorren, om te dielen mei wurkleazen, mei flechtelingen, mei allinichsteande âlders. Mar ek om fan ús sinten te dielen mei de minsken dy't ferpleegt wurde, dy't net mear foar harsels soargje kinne.

Want der giet úteinlik om. Dat de breklike, de blinen en de kreupelen deselde leafde ûntfange as de sûnen en de ryken en wy dy't rjochtop troch it libben geane.

It Hillich Nachtmiel set ús oan om net te fluchten yn ferlechjes,
want wy witte wat wy dan misse en set ús oan om te dielen en te
soarchjen, wer't dat mar mooglik is.

It hûs moat fol. Gods hûs is hjoed knap fol. Lit ús dan ite en
drinke, en Gods genede oer ús komme litte. Want de goedens fan'e
Hear, der is de ein fan wei!.

AMEN